

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woenne wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wiene. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,=). Yn dy tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 38
Nûmer 1, Septimber 2023**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.k. nûmer 40059396

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

**It is mei sizzen
net te dwaan!**

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg!?**



van
Schoon
Werk
Schoen
MAKERS
VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op

WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

Nije begrutting 2023-2024

ders, dêr't in kop op siet en dy't leare en studearje woenen en koenen. Harren bern en bernsbern sjogge yn de memmetaal 'gjin brea mear'.

De 'fuotprinten' fan ús generaasje taalkeunstners sille mear en mear leech bliuwe. Subsydzjes, 'legacy's' noch 'citys of literature' sille dêr salve oan strike kinne. It Frysk sil benammen 'oraal' oerlibje, yn konversaasjes, op it doarps-toaniel, yn iepenloftfoarstellings.

Ek dat is in *In memoriam* wurdich.

Ut 'Po@dium' fan Bennie Huisman - simmer 2023 - 1

It Frysk Boun om Utens

AG en M- en Y-dei 16 maart 2024.

Sneon **16 maart 2024** binne jimme wolkom op de **Algemiene Gearkomste** en de **Moetings - en Ynspiraasjemiddei** fan it Frysk Boun om Utens by de Fryske Krite fan Meppel yn Doarpshûs De Schalle, Nieuweweg 27, 7948 AA Nijeveen - 0522 491 422



Yn de takomst

Ik wie hjoed te let
by skiednis
mefrou wie net sa bliid
snap ik

By skiednis
is it net de bedoeling
datsto yn de takomst komst

Neeltje Terpstra (Ut It Nijs)



Ynhâld Meidielingelêd:

	side
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Jieroersjoch 2022-2023 fan it sjongkoar.....	3
# Kritegearkomsten winterskoft 2023-2024, Krite nijs	4
# Jierferslach krite 2022-2023	5
# Sifers sjongkoar 2022-2023	7
# Utnûging Jiergearkomste fan 7 oktober	8
# Wurklist jiergearkomste 7 oktober	9
# Sifers 2022-2023 en begrutting 2023-2024	10
# Jieroersjoch 2022-2023	11
# Ut it libben fan Japik Ingberts (ferhaal)	12
# Yn memoriam de fuotprinten (Tetman de Vries)	14
# It Frysk Boun om Utens en gedicht	16
# Oanpaste begrutting 2023-2024	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 9 oktober 2023.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, Schoener e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Fetsje Meijer, e-mail: fetsje.meijer@ziggo.nl

Kosten: It lidmaatskip is €15,= yn't jier / stipers €10,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: *Jan en Sjoerdsje Bijkerk.*

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: *Albert Postma en Gerrit Kingma.*

FAN DE FOARSITTER.

No, minsken, it is wer septimber en de fakânsjes sitte der wer op. Alhoewol op ús leeftiid dogge wy fansels mear mei oan de 'griize golf'. Juny en septimber binne dan wol wat rêstiger tiden foar ús.

Mar dochs giet it winterskoft fan de krite wer oan, en wol op sneon 7 oktober mei de jiergearkomste yn de Krakeling.

Yn de jiergearkomste komt fansels ek de sinteraasje oan oarder. Sa as jimme op side 7 lêze kinne, buorkje wy mei ús sinteraasje fluch werom. Oare jierren koenen wy mei it opheljen fan jild fan it Anjerfûns en mei de RABO-aksjes dochs de kas noch wol mei sa'n € 1500,= fergrutsje. Mar it Anjerfûns is der mei opholden en ek de RABO-aksjes smite hast gjin jild mear op. Fandêr it útstel om de kontribúsje en de tagongsprizen fan de kritejûnen te ferheegjen. Mar it is wol sa, as je it fergelykje mei in jûn nei in teäter, dan binne wy dochs noch goedkeap út. Wy moatte it der op 7 oktober mar efkes oer ha.

Ik ha it de ôfrûne moannen tige drok hân mei de tarieding fan it Jubileumfeest fan It Frysk Boun om Utens op 16 septimber yn Swol. Wy binne der mei de jubileumkommisje al sa'n oardel jier mei dwaande. In grut diel fan ús sjongkoar sil der op'e middei optrede. Moarns sil de kommissaris fan de Kening fan Fryslân, de hear Arno Brok, ús ek noch tasprekke. Fierder komme Grytsje Kingma, Rob du Jardin en Gurbe Douwstra sjongen. De gastsprekker is Wiebe Wieling, foarsitter fan de Keninklike Feriening De Friesche Elf Steden en fansels op de middei kin it kabaret fan Hymphamp net ûntbrekke! Wy hawwe der sin oan en ik wit dat der hiel wat leden fan de Sékrite nei Swol teine.

Mar wat giet it frjemd yn de wrâld. Oeral brannen, grouwe hagelstienen, op ferskate plakken in protte wetter en hurde wyn (tornado's). It giet net goed as wy sa troch geane, mar ja de wrâldbefolking wurdt stees grutter en nimt stees mear plak yn. Dat hâldt fansels in kear op. No, yn ús polder hawwe wy der gelokkich noch net sa folle lêst fan en dat woe ik ek graach sa hâlde.

Oant sjen!! Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

dêr efter foar harsels sprekke te litten.

Tetman wie in monumint yn in tiid 'dy't gjin skoft hold'. En dy't plakmakke foar in tiid dy't gjin ûnthâld mear hie. Al gie der noch in generaasje oerhinne. Healwei de jierren fyftich helle Tetman wat nij bloed yn it selsskip. In jonge, talintfolle doarpsjonge, in *selfmade* toanielbefolker lykas de baas sels, makke furore en gie 'yn de fuotprinten' fan Tetman al gau fierder yn it fak. Mei in noas foar mear eigentiidske útdrukkingsfoarmen naam er it stokje oer. Gjin 'selsskip' mear, mar '*one-man-show*'s'. Nei de jierren fan Tetman krigen we de jierren fan Rients Gratama. Dy't de tweintichste ieuw rejaal út duorren. Yn syn skaad rêdden wat mindere ferdivedaasjegoaden haren mei de krommeltsjes. Rients, dy't ek in yn it Nederlânsk, op de televyzje, yn film en yn toanielstikken spile, stoar yn 2017. Syn fuotprinten bliuwe leech.



Generaasjewikselingen binne fan alle tiden. Yn it Nederlânsktalige 'kabaret' - eins in paraplu, dê't in breed skala fan ferhalenfertellers mei tige útienrinnende útdrukkingsfoarmen ûnder skûlet - steane noch altyd jonge oanstoarmjende talinten op. Yn it Frysk is dêr gjin publyk mear foar.

Itselde spilet by de skriuwers. Dy binne der genôch, ek jonge, orzjinele skriuwers. Mar it tal lêzers nimt hurd ôf. Lietsjongers yn it Frysk - lit ik se foar it gemak mar efkes 'trûbadours' neame - binne net mear jong en oanstoarmjend. Wa't talint hat, yn de 'popmuzyk' of it mear literêre sjenre, docht it Frysk der heechút by. En as it mear is as leafhawwerij, as in profesjonele karjêre it doel is, dan komt al gau it Ingels yn sicht as útdrukkingstaal. De 'merk' is mondiaal wurden. Wa't in dei nei Omrop Fryslân harket, sil fêststelle dat it songen Frysk ek dêr in minderheidstaal is.

Dit jier hawwe der yn elk gefal al trije *Yn memoriams* yn de krante stien, skreaun foar trije ferstoarne sjongers-muzikanten-skriuwers-troubadours. (We ha der hjir eins net in goed wurd foar.) Marius de Boer, Gerrit Breteler en Bauke van der Woude. Trije keunstners mei tige útienrinnende karjêres, dy't nei hjoeddeiske begripen net âld waarden. Se kamen alle trije fan it plattelân. It Frysk is ek in plattelânstaal en dat it in literêre taal wurden is ha we troch de tiid hinne te tankjen oan boeresoannen en bern fan arbeiders en middenstan-

De oare deis kamen de grytman en twa tsjinners en noasken de boel by Japik tige troch. It fet wie net te finen, mar der stie wol in amer mei sjerp. In skoftsje letter moast Japik dêrom foar it gerjocht yn Ljouwert komme. Der wiene twa tsjûgen dy't oan de rjochter fertelden dat se de sneontejûns by Japik gjin sjerp krije kinnen hiene, mar oaren hiene sneintemoarns wol sjerp krige.

“Sjoch”, sei Japik, “dy lju dy't sneontejûns kamen, hiene gjin jild en dan krije se by Japik ek gjin sjerp. Dy man dy't sneintemoarns kaam, koe it wol betelje en dy krige fan Japik wol sjerp. De hearen ha gjin ferstân fan de sjerpnegoasje.” En Japik waard frijsprutsen.

As Japik fan doel wie om wat te stellen, hie er de fêste gewoante om tsjin bêd-geanderstiid nei bûten te gean, mei de broeksbannen los, om dan in praatsje mei de buorlju te meitsjen. Dan winske er harren in goede nacht en die krekt as soe er op bêd gean. Mar as by de buorlju alles tsjuster wie, makke er syn broek wer fêst en sette er de nacht yn. As der dan nachts earne wat stellen wie, seine de buorlju: “Dat kin Japik net west ha, want dy lei al op 'e tiid op bêd.”

Boarne: *For Hûs en Hiem*, 1888
Letter ek ferskynd yn S.J. van der Molen, *Frysk Sêgeboek* (1934-1943)
Neiferteld troch Jangerben Mulder

Yn memoriam de fuotprinten

Koartlyn skreau Pieter de Groot in kolumn yn de Ljouwerter mei de titel: 'Tetman en de tiid'. Oer it byld dat yn 1992 makke waard fan Tetman de Vries. In namme, dy't myn bern al neat mear seit, mar dy't benammen foar de generaasjes fan myn âlden en grutâlden synoniem wie mei Frysktalige 'ferdivedaasjekeunst'. Mei syn 'selskip' waarden revues spile. De earste, tagelyk oer-ferzy fan harren útdrukkingsfoarm (in miks fan 'sketskes en lietsjes'), hie de namme 'De tiid hâldt gjin skoft'. Dy waard mear as tûzen kear spile en dêr kamen noch tal fan revues achteroan. Dy't withoefolle minsken moaie oeren besoargen. De neitins dêroan wie yn 1992 oanlieding om nei in ynsammelingsaksje in byld fan Tetman meitsje te litten. Dat kaam yn de nije Harmonie. Wat der dêrnei mei it byld barde wie it onderwerp fan de kolumn.

It wie yn styl en foarm in tige effektyf ferhaal. Meast is yn kolumns de persoanlike miening fan de skriuwer de oanjager fan de ynhâld. Pieter de Groot keas der no foar om - tige sjoernalistyk - de feitlike skiednis én de argumintaasjes

Jieroersjoch 2022-2023 fan it sjongkoar.

Al wer in jier foarby, wêr bliuwt de tiid. En no moatte wy alwer begjinne te sjongen.

21-09-2022:

Us earste sjongjûn. De musykkommissje hat op 3 maaie 2022 al in programma yn inoar set en dat kin no rûndield wurde. Elts kin it mar wer yn de map dwaan.

01-10-2022:

Jiergearkomste fan de krite mei meiwurking fan Sietske Keulen mei fehaaltsjes en gedichtsjes. En net te ferjitten, ús potiten!

21-10-2022:

Watze van der Werf, ús trouwe lid, is ferstoarn yn 'e âldens fan 88 jier. In pracht minske mei in moaie stim. Rêst sêft Watze.

14-12-2022:

Pytsje (ús PR-dame) en har Gurbe binne 50 jier troud. Lokwinske en noch folle jierren derby.

17-12-2022:

Krystmiddei yn Posa. It wie in koart programma troch sykte fan meiwurkers, mar wol moai. De opkomst fan leden hie better kinnen.

04-01-2023:

Nijjersbesite yn Atol Plaza mei it sjongkoar en in Fryske Kwis. Der wie in moaie opkomst.

17-01-2023:

Gearkomste fan de musykkommissje by Klaske. It gie om de ferskes foar it jubileum in Swol.

19-04-2023:

Slútjûn fan it sjongkoar.

19-05-2023:

De sjongkommissje makket by Anneke it nije programma klear foar de Kryst en de Nijjersbesite.

06-09-2023:

Us earste sjongjûn om is om acht oere yn skoalle De Windroos, Karveel 22-28, 8231 BG Lelystêd.

Hawwe jimme nocht oan sjongen, nim dan efkes kontakt op mei:

Wytske Fransen 06-36211367 of **Fetsje Meijer** 0320-226317 of 06-15485427.
Groetnis Fetsje Meijer.



KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2023-2024

DATUM	WAT KOMT DER?
7 oktober 2023	15:00 oere yn De KRAKELING - Jiergearthomste mei oanfolgend programma en stampotbuffet
18 novimber 2023	14:30 oere yn POSA Toaniel/kabaret/muzyk
16 desimber 2023	14:30 oere yn POSA Krystmiddei
13 jannewaris 2024	14:30 oere yn De KRAKELING Nijjiersgearthomste
17 febrewaris 2024	14:30 oere yn POSA Toaniel/kabaret/muzyk
6 april 2024	20:00 oere yn POSA Toaniel/kabaret/muzyk

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com, dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl. Yn't foar tige tank.

Troudatus:


- Gijs en Anneke Noort, **26 augustus 40 jier** troude.
- Watze en Jannie Watzema, **7 septimber 50 jier** troude.
- Keimpe en Jantsje Meijer, **28 oktober 40 jier** troude.

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars, dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

De bakker treau him de bôle lyk midden op 'e rêch, sadat der in moaie rûne bult kaam te sitten en hy skattere it út doe't it boerke mei in ferlegen troanje oer it skouder nei dat wûnderlike útwaaks glurke en doe de winkel út trêde. Hy skattere krekt salang't oant Japik de neiste hoeke om wie. Mar doe wie de wille gau oer. De plysje waard derby roppen, mar hoe't se ek sochten, Japik wie nearne te finen. Hy wie Ljouwert al lang út.

Om alle fiten dy't er úthelle, waarden der twa betûfte Ljouwerter fjildwachters oansteld om him op te spoaren. Mei twa hynders foar de wein rieden dy grutmachtich de Hoeksterpoarte út.

Elkenien dy't harren yn 'e mjitte kaam, fregen se oft se Japik Ingberts ek sjoen hiene. Yn it begjin joech dat net folle, mar doe't se yn in lyts herberchje oanstutsen, kaam dêr in ienfâldich wâldboerke del yn in skieppegrauen baitsje en hoazzen oan de fuotten, dy't sei dat hy wol wist hoe't Japik derút seach en frege oft er in eintsje meiride mocht.



Japik Ingberts en de eksteurs. Tekening J. Mulders

Dat like de fjildwachters skoanta en it boerke ried mei oan de Hege Brêge ta, sûnder dat se wat fan Japik fernommen hiene.

Doe woe er der wol wer ôf, sei er, en se hiene noch mar krekt stilholden of hy wie al fan de wein ôf en sprong oer de brede feart hinne. Oan de oare kant rôp er gnyskjend: "Sjesa freonen, no hawwe jimme Japik Ingberts sjoen, mar jimme sjogge him net wer, leau dat mar!" En ear't de ferbjustere tsjinnern fan de wet wer by har sûp en stút wiene, spile Japik al lang fan ruten, nei't er, om harren te húnjen, himsels earst noch op 'e kont slein hie.

Japik moat ek noch op 'e Koatstertille wenne ha, dêr't er in winkeltsje hie. Op in sneontejûn wie it Tilster fearskip mei in soad boadskippen út de stêd oankommen. Dêr wie ek in fet mei sjerp foar in winkelman út Twizel by, mar doe't dy syn sjerp ophelje soe, wie it der net. Om't Japik de namme hie dat er wolris in oar syn guod meinaam, waard der al gau ornearre dat dy dêrmei ôfset wie.

Anjerfûns

De aksje is net mear holden, dat is tige spitich foar de krite. It hat dus neat oplevere. Dat skeelt flink wat jild mei de eardere jierren!.

Ferstoarn: Watze van der Werf op 20 oktober 2022;
Simon Dijkstra op 14 febrewaris 2023;
Lieuwe Wiersma 24 febrewaris 2023.

Luit Dijk.

Ut it libben fan Japik Ingberts (ferhaal)

Yn it lêst fan de 18e iuw libbe der yn Fryslân in grut skarlún. Japik Ingberts wie syn namme. Hy moat earne yn de Fryske Wâlden wenne ha, mar nimmen wit wêr't dat no krekt wie. Mar hoe't it ek wêze mei, der binne in soad ferhalen oer him te fertellen.

Japik wie in betûfte en linige keardel. Sels in koets mei twa hynders derfoar wie net feilich foar him. Hy sprong boppe oer de kape hinne en bedarre sa by de fuorman op it foarbankje. It folk yn de koets doarde fan kjellens gjin fin mear te reppen en Japik pakte handich harren hawwen en hâlden ôf. As er dan alles wat him noaske yn de bûse hie, sei er harren in freonlik 'oant sjen' en fuort wie er wer. Yn de stêd koe er bytiden de minsken ek ferrifelje. Der giet in ferhaal oer hoe't er in grouwe boerinne, dy't foar in sulversmidswinkel stie te sjen, it gouden earizer fan de holle skuorde en doe't op har geskreau foarbygongers en in plysje op him ôf kamen, hy oer de grêft sprong as wie it in grep-peltsje, en doe hurd útnaaide.

Op in freed dangele der wat yn de stêd om. Doe't er in bakker foar de winkel doar stean seach mei sa'n swier blinkend horloazjeketting foar it liif, trêde er de winkel yn en easke in grouweten bôle, mar doe't de bakker der in papier om dwaan woe, sei er sabeare bleu: "Nee baas, dat hoecht net. It is hjir eins om in grap te dwaan dêr't ik net folle aardichheid mear oan ha, no't it safier is. Mar ik wol dochs myn weddenskip dat ik wol mei in bôle fan efteren ûnder it kammisoal troch de stêd rinne doar net ferlieze. En no sil de baas dy bôle der fêst wol efkes by my ûnder triuwe wolle." Tagelyk bûgde er him oer de toanbank foaroer en wylst de bakker oer him hinne hong, om him it kammisoal op te tillen, heakke er bedaard it moaie ketting los en liet dat, mei it swiere horloazje deroan, stil yn syn boksbûse delglide.

Jierferslach 2022-2023.

Plak: de Krakeling - **Datum:** 1 oktober 2022.

Oanwêzich: 27 minsken.

1. Iepening

Iepening troch foarsitter Jan Bijkerk om 14.30 oere.

2. Meidielingen en Ynkommen stikken**Meidielingen:**

Berjocht fan behindering fan:

Marijke van Dijk, Hilly Coenradi, Doet Wiersma en Hilde Spanjer

Wy hawwe noch 79 leden.

Ferstoarn binne ús leden:

- ◆ G.F. de Boer 12 april 2023
- ◆ Lous Hesse 14 maaie 2023
- ◆ Henk Lautenbach 2 july 2023

De foarsitter freget der in momint oandacht foar.

Der wiene ôfrûne jier 3 aksjes dêr't wy oan dielnommen hawwe: Rabo Club support € 166,58, Plus Postma € 131,-- en Anjerfonds (digitaal) € 280,--

De besoargers fan de krantsjes wurde betanke foar it rûnbringen en foar harren is der in presintsje.

3. Ynkommen stikken: der binne gjin ynkommen stikken**4. Ferslach digitale jiergearkomste 2021**

Hjiroer binne gjin fragen kommen. It ferslach wurdt goedkard.

5. Jieroersjoch Sékrite 2021 – 2022

Hjiroer binne gjin fragen kommen. It ferslach wurdt goedkard.

6. Ferslach fan de ponghâlder

Der binne gjin fragen oer de sinteraasje. De sifers fan 2021-2022 wurde goedkard.

7. Ferslach en sifers fan it sjongkoar

Der binne gjin fragen oer de sinteraasje. De sifers fan 2021-2022 wurde

goedkard.

8. Kaskontrôle

Ebele van der Veen en Anke Schiere hawwe de boeken kontrolearre. De boeken binne yn oarder befûn. Dêrmei ferliene de leden de ponghâlder en dêrmei it bestjoer desjarze en de ponghâlder wurdt betanke foar syn wurk, lykas de kaskommisje.

9. Beneamen fan nije rekkenopnimmers

Anke Schiere is twa jier rekkenopnimmer west en is ôfgeand. Ebele van der Veen is it kommende jier de rekkenopnimmer tegearre mei Anneke Noort. Der is gjin oanmelding op de gearkomste, de fraach komt noch yn it krantsje. In reserve is der noch net.

10. Begrutting 2022/2023

Toaniel en seal wurde hieltyd djoerder. Anjerfonds giet no mei in app, dat leveret ús neat op. Troch minder leden binne der ek minder ynkomsten. Der binne fierder gjin fragen oer de begrutting. De begrutting is akkoard.

11. Bestjoersferkiezing.

Dit jier binne Annie Noppers en Jan Bijkerk ôfgeand. Der binne troch de leden gjin (tsjin-) kandidaten binnen kaam. Annie en Jan wurde opnij beneamd foar 3 jier.

12. Programma foar it kommende winterskoft.

- 19 novimber 2022 - Ierske muzyk yn Posa
- 17 desimber 2022 - Krystmiddei
- 14 jannewaris 2023 - Nijjiersbesite yn de Krakeling;
- 18 febrewaris 2023 - Kritejûn mei toaniel;
- 25 maart 2023 - AG, en Men Y middei en kritemiddei by Boer Kok;

13. Omfraach. Hjir wurdt gjin gebrûk fan makke

14. Ofsluting. Om 15.00 oere slút Jan Bijkerk de gearkomste.

Luit Dijk, skriuwer.

Jieroersjoch Sékrite 2022-2023

Bestjoer

It bestjoer is dit jier 4 kear byinoar west. Fierders ûnderhâlde wy as bestjoer kontakten mei it Diel Midslân en it Frysk Boun om Utens.

Jiergearkomste op 1 oktober 2022

Dit jier is de jiergearkomste wer op de middei. De iepening fan de gearkomste wie om 15.00 oere en om 17.00 oere it iten. Nei de gearkomste hat Sietske Keulen ús fermakke mei folksferhalen.

Der wiene 27 leden, wermei wy alle wichtige saken oangeande ús Krite efkes troch nommen hawwe.

It jieroersjoch fan de skriuwer en de sinteraasje fan ús ponghâlder wiene allegear tige ynoarder. Annie Noppers en Jan Bijkerk binne ôfgeand. Annie en Jan stelle har wer beskikber en der wiene gjin tsjinkandidaten. Annie en Jan binne troch de gearkomste wer foar 3 jier herkeazen.

Kritejûnen/ middei.

Op 19 novimber. Mei Fryaz (Ierske muzyk). Frayz bestiet út Gjalt de Jong (ferteller en sang), Ietsje Meems (sang en fioele), Kees Hofstra (sang en gitaar) en Paul Siemensma (sang en akkordeon).

Op 17 desimber: Krystmiddei Moaie middei, allinich net sa folle minsken.

Op 14 jannewaris: Nijjiersbesite mei de Fryslân kwis.

Op 18 febrewaris: Kritemiddei mei Acta theater.

Op 25 maart: Kritemiddei mei Adyrf by Boer Kok nei de AG en de M- en Y-middei fan it FBoU

Dielgearkomste diel Midslân Dizze gearkomste gie dit jier net troch.

25 maart Jiergearkomste Frysk Boun om Utens en Moetings en Ynspiratiedei

De AG fan it FBoU wie yn Lelystâd, by Boer Kok. Op de M-en Y middei wie Peter Tuinman de sprekker.

Alde begrutting

Op dizze side sjogge jimme de sifers 2022-2023 fan it sjongkoar.

Op side 10 stean de sifers 2022-2023 fan de krite en de begrutting foar 2023-2024.

Taljochting op de sifers fan de krite:

Nijjersresepsje: De útjeften fan de nijjersresepsje binne net krekt yn de begrutting fan ferline jier opnommen.

De oarsaak is net mear te efterheljen: Yn de begrutting stie € 200, mar hie eins € 600 wêze moatten.

Fertarringen: De fertarringen besteane út de útjaan fan kofje en tee by ús foarstellingen en konsumpsjes foar de artysten. De konsumpsjes by Posa bedrage € 3,00 en binne flink omheech gien nei de koroana.

Taljochting op de begrutting 2023-2024 fan de krite:

Sa as jimme sjogge kinne, sjitte wy der sa'n € 2000,= by yn. As dat sa troch giet, en wy der neat oan dogge, dan hawwe wy oer 2 jier gjin jild mear. Dat komt fansels om't de Rabo klubaksje mar in hiel lyts bytsje opbringt en it Anjerfûns der mei opholden is.

It bestjoer docht it útstel om net mear dan sa'n € 500,= yn't jier efterút te bourkjen. En de oerbliuwende € 1500,= te heljen út it ferheegjen fan de kontribúsje en de tagongsprizen. Kontribús-je nei € 25,= en de tagongspriis nei € 15,=. De eareleden bliuwe fry fan kon-tribúsje, mar moatte wol yntree betelj. Fierder wurde der noch wat besunigin-gen trochfierd by de útjeften. Op side 17 stiet de oanpaste begrutting.

Sifers Sjingkoar

**It bestjoer fan de Sékrite nûget harren leden út foar It
bywenjen fan de **JIERGEARKOMSTE****

op sneon 7 oktober 2022 om 15:00 oere

yn de Krakeling, Atol Plaza, Schor 15 yn Lelystêd.

Kosten fan de hiele middei, ynkl. potiten, binne € 12,50

Dit jier sil de jiergearkomste wer mei iten en foardrachten oanklaaid wurde. Sa as jim sjen kinne, hawwe wy de gearkomste wer op sneon yn pleats fan freed. Dat hat ús ferline jier goed foldien. It bestjoer fynt dat de jiergearkomste, nêst de saaklike kant, ek in gesellige kant hawwe moat. Jimme kinne dan genietsje fan in, troch de Krakeling fersoarge potiten. En inkelde fan ús leden dogge stikjes tusken de ferskate ûnderdielen troch: gedichtsjes, ferhaaltsjes as foardrachten.

Om te witten op hoefolle minsken de Krakeling rekkenje kin mei it iten, wolle wy graach foar 1 oktober o.s. fan jimme witte hokker leden der op de gearkomste komme. Sjoch hjir nêst foar de opjefte.

17.30 oere: buffet mei Potiten en tusken troch, ek yn it skoft nei de jiergearkomste, nimme wy de tiid foar ferdivedaasje: ferhaaltsjes, gedichtsjes en foardrachten fan ús eigen leden.



Wurklist :

1. Iepening (15:00 oere)
2. Meidielingen.
3. Ynkommen stikken.
4. Ferlach jiergearkomste 1 oktober 2022 (siden 5 en 6).
5. Jieroersjoch Sékrite 2022-2023 fan de skriuwer (siden 11 en 12)
6. Ferlach / sifers fan de ponghâlder oer 2022-2023 (side 7 en 10).
7. Ferlach en sifers fan it sjongkoar (siden 3 en 7).
8. Kaskontrôle.
9. Beneamen nije rekkenopnimmers.
10. Begrutting 2023 - 2024 en stimming oer útstel fan bestjoer foar it ferheegjen fan kontribúsje en tagongsprizen (siden 7,10 en 17).
11. Bestjoersferkiezing: Jantsje Meijer, Yvonne Nederpel en Jan Koopman binne ôfgeand. Sy stelle harren wer foar trije jier beskikber. Komme der foar 1 oktober gjin tsjinkandidaten by de skriuwer Luit Dijk, dan docht it bestjoer it útstel om de trije ôfgeande bestjoersleden wer yn it bestjoer op te nimmen.
12. Programma foar it oankommende winterskoft (side 4).
13. Omfraach.
14. Sluting

TINK DEROM! OPJAAN FOAR 1 OKTOBER 2023 !!

Foar de leden dy't harren noch net opjûn ha, om mei te dwaan oan it potiten as in ferhaaltsje, gedichtsje as foardracht dwaan wolle, opjaan fia de e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl op jaan of troch in telefoantsje nei Luit Dijk : **0320 - 412444 / 06 546 522 93**. Yn't foar tige tank.